

# Dorpscanon van Folsgeare

Jouke Hilbrands Boschma




© foto: [findagrave.com/memorial](https://findagrave.com/memorial)

## Jouke Hilbrands Boschma

in Folsgeaster yn Amearika

Op 30 april 1847 kriget Anneke Sytzes Osinga, frou fan Hilbrand Rintjes Boschma, in soan dy't Jouke neamd wurdt. Jouke Hilbrands, de ien nei jongste fan'e húshâding, belibbet syn jeugd op in buorkerij oan'e Tsjærddyk ûnder Folsgeare. Hy giet nei de iepenbiere skoalle yn Folsgeare, oprjochte yn 1843, kriget les fan master Reitsma en letter Nauta.

Thús leart Jouke it boerebedriuw fan syn heit en âldere broers.



De buorkerij dêr't Jouke berne is. (Tsjærddyk 29)

Kadaster 1832

# Dorpscanon van Folsgeare

Jouke Hilbrands Boschma

Jouke wurdt op 30 april 1867 opropen foar de nasjonale milysje. It is lottingsdei en Jouke lûkt nûmer 57. In leech nûmer, dat betsjut dat hy yn tsjinst moat. Hy wurdt goedkard, syn uterlike skaaimerken wurde hjirûnder beskreaun.



1 el	74	strepen.
Aangezicht	<i>vaal</i>	
Voorhoofd	<i>erd</i>	
Oogen	<i>blauw</i>	
Neus	<i>erd</i>	
Mond	<i>w</i>	
Kin	<i>rood</i>	
Haar	<i>blond</i>	
Wenkbrauwen	<i>w</i>	
Merkbare teekenen		

Fan 1820 ôf is 1 el gelyk oan 1 meter,  
10 palmen (desimeters),  
100 tommen (sentimeters) of  
1000 strepen (millimeters)

Jouke trout op 4 maaie 1867 mei Botje Rinkes Groenveld út Heech. It pear komt yn Easthim te wenjen dêr't op 17 augustus 1867 harren earste bern Rink Joukes berne wurdt.

Jouke Hilbrands kin gjin frijstelling fan tsjinst krije mar der is in mooglikheid om je ferfange te litten troch in 'remplaçant'. In remplaçant is immen, dy't him dat jier net hoecht te melden en frijwillich tsjinst nimt. Fan dizze plakferfanging wurdt by notariële akte "een contract van plaatsvervanging" opsteld.

Jouke hat Tjeerd Deinum út Nijlân yn'e earm nommen om foar him in plakferfanger te sykjen. Tjeerd hat Jan Berkenbos ree fûn om tsjin betelling de tsjinst fan Jouke oer te nimmen en lit in "contract van plaatsvervanging" opmeitsje:

"Op heden den zeven en twintigste juni des jaars een duizend acht honderd zeven en zestig, compareerden voor ons Ansko van der Plaats Notaris residerende te Leeuwarden:




Contract van  
Plaatsvervanging  
Tresoar

Tjeerd Deinum,

# Dorpscanon van Folsgeare

Jouke Hilbrands Boschma

koopman wonende te Nijland als bij monde gelastigde van Jouke Boschma van boerenbedrijf wonende te Oosthem, loteling voor de dienst bij de nationale militie over dezen jare in bovenstaande gemeente en al daar getrokken hebbende nummer 57 het welk tot den actieven verpligt door voltrokken huwelijk meerderjarig geworden requirant ter eenre en Jan Berkenbos, smidsknecht wonende te Sneek requireerde ter andere zijde”




Jan Berkenbos nimt foar f 250,-- de tsjinst fan Jouke Boschma oer.

Nei it ferstjerren fan syn heit Hilbrand Rintjes Boschma op 17 febrewaris 1869 ferhúze Jouke en Botje mei harren soan tydlik nei de Tsjaerddyk, dêr't op 5 maaie 1869 soan Hilbrand Joukes berne wurdt. Nei it boelpartsjen op 13 july 1869 ferhuzet de húshâlding wer nei Easthim. Hjir wurdt op 29 augustus 1871 Geertje Joukes berne.

Jouke is net allinne boer mar ek hanneler en hy keapet û.o. yn 1874 in stikje grûn yn'e buorren fan Folsgeare. Hy ferkeapet it perseel letter oan syn suster Pietje Hilbrands dy't dêr in rinteniershûs (Tsjaerddyk nûmer 32) bouwe lit.

Jouke keapet op 27 april 1875 de buorkerij fan Arjen van der Sluis út Heech foar fl. 50.000. By de buorkerij hearre tweintich bunder hea- en greidlân wêrfan't it measte tusken de buorkerij en de Himdyk leit. Kadaster 1832



# Dorpscanon van Folsgeare

Jouke Hilbrands Boschma

Op 16 july 1875 ferstjert syn frou Botje op 30-jierrige leeftyd. Jouke bliuwt allinne efter mei trije bern en tsjinstfaam Janneke Bakker dy't op 12 maaie 1875 yn tsjinst kaam is. Sy wurdt yn 1876 opfolge troch Annigjen ten Wolde en dêrnei yn 1877 troch widdofrou Trijntje Breeuwsma.

Jouke trout wer op 30 jierrige leeftyd op 4 augustus 1877 mei de 19 jierrige Corneliske Ages Dijkstra, berne yn Easterein. Corneliske har âlden binne stoarn en se wennet by har tante Ytje Ates Harsta op'e pastorijbuorkerij yn Folsgeare.

Yn maaie 1878 wurdt Age Harmens berne, folge troch Sytze yn july 1879 en Rintje yn augustus 1880. Yn'e tiid dat Sytze berne waard, wie it net de gewoante om in namme yn'e advertimsje te setten.

\*\*\* Geboren: AGE HARMEN, Zoon van  
J. H. BOSCHMA en  
C. A. DIJKSTRA.  
Oosthem, 21 Mei 1878.  
*Algemeene kennisgeving.*

LC 28-05-1878

\*\* Bevalen van een Zoon C. A. DIJK-  
STRA, Echtgenoot van  
J. H. BOSCHMA.  
Oosthem, 15 Juni 1879.  
*Volstrekt eenigste kennisgeving aan Familie en  
Vrienden.*

LC 17-06-1879

\*\* Geboren: RINTJE, Zoon van  
J. H. BOSCHMA en  
C. A. DIJKSTRA.  
Oosthem, 22 Augustus 1880.


LC 27-08-1880

Troch heabroei brekt der brân út en Jouke en Corneliske binne ynienen alles kwyt.

**Wijnbriteradeel**, 11 October. Heden-morgen is de boerenhuizinge onder Oosthem, bewoond door den eigenaar *J. Boschma*, ten gevolge van hooibroeijen, totaal afgebrand. Van den inboedel heeft men het meeren-deel kunnen redden, doch van het hooi is niets van waarde overgebleven. Huis, hooi en inboedel waren verzekerd te 's Hertogenbosch.

Opregte Haarlemsche  
Courant 13-10-1881

De ôfbrânde buorkerij op'e kadaster  
kaart fan 1832



# Dorpscanon van Folsgeare

Jouke Hilbrands Boschma

Der bliuwt foar Jouke no neat oars oer om boelgoed te hâlden en alle fee te ferkeapjen.

LC 14-10-1881

**VEE-BOELGOED TENGEVOLGE BRAND.**  
Zaterdag 15 October 1881, voormiddags 10 uur, in de Nieuwe Zijl onder Oosthem, zal bij boelgoed, op gewoon crediet, worden verkocht het uitmuntend, gezond **BESLAG VEE**, van Jouke Boschma, bestaande uit: 25 melke en kalve koeijen, 7 kalveren, 2 paarden, mak en in tuig bereden, 1 zeug.  
Notaris PEEREBOOM.

Yn desimber 1881 wurdt der nei trijedrie jonges, in famke mei de namme Tjitsche berne.

LC 19-12-1881

**\*\* Geboren: TJITSCHÉ, Dochter van J. H. BOSCHMA en C. A. DIJKSTRA.**  
Oosthem, 17 Dec. 1881.  
*Kennisgeving aan Familie en Vrienden.*

**Herberg Nijezijl o/d Oosthem.**  
**Lezing over Amerika**  
door den Heer T. G. v. D. MEULEN,  
van Bergum,  
op 31 December 1881,  
bij HETTINGA op de Nijezijl.  
Entrée 25 cent. Aanvang 7 uur.

Yn'e herberch op Nijesyl wurdt op 31 desimber in lêzing holden oer Amearika en hjir hat Jouke Boschma nei alle gedachten ek hinne west.

LC 28-12-1881

**AANBESTEDING**  
van het bouwen eener BOERENHUIZINGE onder Oosthem.  
Het bestek en de tekening liggen van af Zaterdag 18 Februari a.s. ter inzage bij R. K. HETTINGA Jr., Kastelein op de Nieuwezijl.  
De aanwijzing zal plaats hebben op Vrijdag 24 Februari, 's morgens 11 uur.  
De briefjes in te leveren op Zaterdag 25 Februari a.s., vóór des avonds 7 uur, ten huize van den aanbesteder J. H. BOSCHMA onder Oosthem.

De bou fan in nije buorkerij wurdt op gong brocht.

LC 17-02-1882

Yn 1880 is der al in begjin makke mei de tariesing foar de oanlis fan'e spoarline fan Snits nei Starum. Dizze spoarline sil tusken de buorkerij en de Himdyk oer it lân

# Dorpscanon van Folsgeare

Jouke Hilbrands Boschma

fan Jouke rinne. Der wurdt in ûnteigeningproseduere op gong brocht. Jouke sil hast twa en in heale hektare lân kwytsje.


LC 03-05-1880

Nummer van het perceel op het grondplan.		Te ont-eigenen grootte.		als		ter grootte van		Sectie.	Nummer.	TEN NAME VAN
Hectaren.	Centiaaren.	Hectaren.	Centiaaren.	Hectaren.	Centiaaren.	Hectaren.	Centiaaren.			

111	0	79	78	idem	3	21	80	»	899	Boschma, Jouke Hilbrands
112	0	02	57	idem	1	27	30	»	317	idem
113	0	39	63	idem	2	98	20	»	927	idem
114	1	04	88	idem	5	95	10	»	331	idem
115	0	60	17	idem	4	67	20	»	950	Bosma, Klaas, Bennis, M. F.

Unteigenjen fan greidelân yn Easthim.

X is yn besit fan Jouke Hilbrands Boschma. Op de Netteplankaart út 1887 binne dit de perselen nûmmers 899, 317, 927, 331.



# Dorpscanon van Folsgeare

Jouke Hilbrands Boschma

De spoarline giet dwers troch de lannen fan Jouke Boschma en de dyk fan en nei de Himdyk.

## ZATHE EN LANDEN onder Oosthem.

De Notaris HERINGA te Heeg is voornemens op Dingsdag den 22 December 1885, des namiddags 3 uur, ten huize van den Kastelein Hiemstra, in „het Roodhert” te Sneek, krachtens artikel 1223 B. W., finaal ter verkoop aan te bieden: Eene vruchtbare en geriefelijk gelegen **ZATHE en LANDEN** met vóór weinige jaren gestichte en doelmatig ingerigte HUIZINGE c. a., in de onmiddellijke nabijheid van den Hemdijk en de Bolswardervaart bij Nieuwezijl onder Oosthem, eigen aan Jouke Hilbrands Boschma cum suis en kadastraal bekend gemeente Heeg, sectie D nos. 895, 1148 tot en met 1152, 1248, 1249, 1252, 1254 tot en met 1258, 1262 en 1263, ter grootte van 18 H. 81 A. 30 C. (bijna 51½ p.). Geveild in 11 perceelen en geboden: over het geheel op perceel IV f 1981, en overigens per 36¾ are: op perceel I f 446, II f 307, III f 365, V f 351, VI f 450, VII f 455, VIII f 461, IX f 550, X f 551 en XI f 528. Zamen f 24,100.90.

Is it de oanlis fan 'e spoarline, de lêzing oer Amearika, de brân, de agraryske krisis of hat it in kombinaasje fan alles west? Ein 1885 komt de buorkerij te keap en makket de famylje har klear om te emigrearjen nei Noard Amearika.

L.C. 19-12-1885

Yn it *woningboek van de gemeente Wymbritseradeel* is te lêzen dat Jouke Boschma en Corneliske Dijkstra mei harren bern troch de gemeente Wymbritseradiel útskreaun wurde mei as nij thúslân Noard Amearika.

1	Boschma	Jouke	en	Hoofd
2	Dijkstra	Corneliske	v	vrouw
3	Boschma	Pieter	en	man. - koon
4	Boschma	Hilbrand	en	id
5	Boschma	Geertje	v	man. dochten
6	Boschma	afge. Harmen	en	Koon
7	Boschma	Pieter	en	id
8	Boschma	Pieter	en	id
9	Boschma	Pieter	en	id

# Dorpscanon van Folsgeare

Jouke Hilbrands Boschma

De famylje giet fuort op 22 desimber 1885 nei New York mei it steamskip Schiedam. Dit skip is yn 1880 kocht troch de Nederlandsch - Amerikaanske - Stoomvaart – Maatschappij ( NASM ) fan de Liverpool & Texas SS.Co. De NASM is letter feroare yn Holland Amerika Lijn (HAL)

Op de passazjierslist wurde Jouke, Cornelis en harren bern neamd, mei de tafoeging dat ze ôfkomstich binne út Easthim. Cornelia stiet as Boschma op'e list, net mei har eigen namme Dijkstra.

109 PASSENGERS' LIST.  
"The Passenger Act, 1862."

Total Number of Alien Passengers over 3 Years. 75  
between 1 and 3 Yrs. 10  
under 1 Year.

District of the City of New York, Port of New York

I, *J. M. M.* Master of the *S.S. Schiedam* do solemnly, sincerely and truly that the following List or Manifest, subscribed by me, and now delivered by me to the Collector of the Customs of the Collection District of the City of New-York, is a full and perfect list of all the passengers taken on board the said vessel at from which port said vessel has now arrived, and that on said list is truly designated the age, the sex, and the calling of each of said passengers, the location of the compartment or space occupied by each during the passage, the country of citizenship of each, and also the destination or location intended by each; and that said List or Manifest truly sets forth the number of said passengers who have died on said voyage, and the dates and causes of death, and the names and ages of those who died; also of those pieces of baggage of each; also a true statement, so far as it can be ascertained, with reference to the intention of each alien passenger as to a protracted sojourn in this country. So help me God.

Sworn to this *December 22 1885* before me *J. J. J.* *J. M. M.* List or Manifest of ALL THE PASSENGERS taken on board the *S.S. Schiedam* whereof *J. M. M.* is Master, from *Holland* burthen *1474* tons.

NO.	NAMES	AGE		SEX.	CALLING.	The country of which they are citizens.	Intended destination or location.	Date and cause of death.	Location of compartment or space occupied.	Number of pieces of baggage.	Transient or is transient, or intending protracted sojourn.
		Years.	Mths.								

3	Jouke Boschma	38	m	farmer	Easthim
4	Cornelia Boschma	24	f	farmer	Easthim
5	Rienke Boschma	10	f	farmer	Easthim
6	Hilbrand Boschma	16	m	farmer	Easthim
7	Geertje Boschma	14	f	farmer	Easthim
8	Harmon Boschma	7	m	farmer	Easthim
9	Sijtse Boschma	6	m	farmer	Easthim
10	Reinje Boschma	4	m	farmer	Easthim
11	Sijtse Boschma	3	f	farmer	Easthim



s.s.Schiedam van de NASM

Website:  
Maritiem Digitaal  
Skilderij makke troch: Jacobsen,  
Antonio Nicolo Gasparo



# Dorpscanon van Folsgeare

Jouke Hilbrands Boschma

---

Nei in flotte oerstek komme de Boschma's op 1 jannewaris 1886 oan yn New York wêrnei't se troch de imigraasje ynklearre wurde op Ellis Island.

Ynfo: Ellis Island Foundation Inc.

Harren bestimming is it suden fan Dakota, Bonhomme County, dêr't se yn Wanari oan'e kant fan'e rivier de Missouri in buorkerij hiere. Wanari leit in pear milen westlik fan Springfield. Harren nammen wurde oanpast. Jouke wurdt Jack neamd en Corneliske wurdt Cornelia.

Yn 1889 wurdt Dakota ferdield yn Noard en Súd Dakota en wennet Jouke yn it suden fan Súd Dakota. Jouke en Corneliske ha ûnderwilens de buorkerij kocht en der wurde noch fjouwer bern berne: Richard yn 1890, Clarence Ellis yn 1894, Leonard Floyd yn 1896 en Paul Kruger yn 1900. Se sille hjir goed 30 jier wenjen bliuwe.

Yn 1916 ferlitte se de buorkerij en se gean te rintienkerjen yn'e stêd Springfield. Jouke Hilbrands Boschma ferstjert op 25 septimber 1919 en yn 1930 ferstjert Corneliske Boschma-Dijkstra.

Se wurde begroeven yn Springfield op Pioneer Memorial Cemetery Park.



foto's: [findagrave.com/memorial](https://findagrave.com/memorial)



# Dorpscanon van Folsgeare

Jouke Hilbrands Boschma

## TER NAGEDACHTENIS

Jouke H. Boschma werd geboren op eene boerderij nabij Folsgeare, Friesland, Ned., 30 April, 1847; gestorven in Springfield, S. D., 25 Sept., 1919. Zijne vroege jaren bracht hij door op eene landhoeve in Nederland. In 1867 trad hij in het huwelijk met Mej. Bessie Groeneveld. Uit dezen echt werden 3 kinderen geboren: Rink, thans op een farm west van Springfield; Hilbrand, ook in die buurt woonachtig, en Gertie, de vrouw van R. De Roos van Springfield. In 1875 stierf dezer kinderen moeder.

In 1877 huwde hij met Mej. Cornelia Dykstra die hem overleeft. Hij woonde nu in Nederland, 8 jaren, en gewon 4 kinderen: Herman, die stierf in 1911; Samuel, wiens home is in Ardmore, N. D.; Richard, door een paard gedood in 1891, en Tillie, nu Mrs. L. Holleman, west van Springfield woonachtig. In 1885 kwam het gezin naar Amerika en vestigde zich ten westen van Springfield. Na een tijdlang gehuurd te hebben, kocht hij de farm waarop zij bijna 30 jaren woonden. Hier werden 5 kinderen geboren: George, van Ashley, N. D.; Richard, thans in het hospitaal wegens shell-shock, en die hem op het laatst van zijn leven niet konde bezoeken; Clarence en Leonard, thans met eervol ontslag thuis uit het Leger, en Paul, op de farm ten westen.

Op de farm zijnde was Mr. Boschma bedrijvig in handelszaken voor verscheiden jaren en als postmeester van Wanari meteen bedrijvig.

In 1916 besloten zij zich te vestigen in de plaats en rust te genieten. Helaas, aan al het aardsche maakte de dood voor hem een einde.

Hij laat zijne vrouw na, benevens 2 dochters en 8 zonen, 14 kleinkinderen en 6 achterkleinkinderen om zijn heengaan te betreuren.

Ingezonden door Mr. Theo. Wynia.  
Springfield, S. D.

Yn Nederlân wurdt troch in 'in memoriam' bekendheid jûn oan it ferstjerren fan Jouke Hilbrands Boschma út Folsgeare.

De Volksvriend  
09-10-191

### Colofon

Tekst: Atse Bruin

Bewurking en oersetting: Wytse Heida

Foto's: [findagrave.com/memorial](http://findagrave.com/memorial), webside Maritiem Digitaal

Kaartsjes: Kadaster, Netteplan

Aktes: Tresoar, woningboek van de gem. Wymbritseradeel

Advertinsjes: Ljouwerter Krante, De Volksvriend, Opregte Haarlemsche Courant

# Dorpscanon van Folsgeare

Jouke Hilbrands Boschma

---

*Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsenen. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.*